



Ferslach Genealogysk Wurkferbân sneon 12 oktober 2019 yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar

Wolkom troch foarsitter Gosse van der Plaats foar leden fan it wurkferbân en in protte oare belangstellenden. In spesjaal wurd fan wolkom is der foar de beide sprekkers Marjan Brouwer en Henk Popma.

Nei Wouters en De Koperen Tuin is Tresoar tenei it plak fan de gearkomsten.

Meidielingen: der is skriftlik berjocht fan behindering fan skriuwer Jabik van der Bij, Ype Brouwers en Gerard Mast en wy steane stil by it ferstjerren fan 2 leden; dhr. D. Planting en dhr. J.A. Nota.

Ynkommen stik: list mei nammen fan dielnimmers oan de Alvestêdetochten yn de perioade 1928-1938 fan dhr. Durk Reitsma

Ferslach 9 maart 2019 en ferslach 30 maart 2019 krije goedkarring, mei tank oan de beide notulisten.

Der is ferlet fan mear notulisten, 30 novimber is regele en hjoed is ûnderskreaune op it alderlêste stuit frege.

Dan is it wurd oan Marjan Brouwer. Hja is histoarikus en konservator by Museum Martena yn Frjentsjer en ek al hiel lang is Hessel Martena ien fan har grutte ûnderwerpen. Hessel Martena moast as jongere soan fan de Martena's fan Koarnjum in oar plak sykje. Hy troude mei Both Hottinga, dy't famylje wie fan de rike Sjaerdema's fan Frjentsjer. Hessel wenne mei frou en bern op in stins yn Bitgum. Der wiene yn dy tiid in soad konflikten en rûzjes om't der gjin hege hear de tsjinst útmakke yn Fryslân, dit wie de tiid fan de Fryske Frijheid. Albrecht van Saksen yn tsjinst fan Maximiliaan wie legeroanfieder en hie 2 soannen. Georg de âldste gie oer Saksen mar Hendrik moast ek plak ha en dy kaam sa telâne yn Westergoa. Hessel wie in trouwe oanhinger fan Albrecht. Der wie in protte skeel yn dy tiid en sa waard yn 1496 syn stins yn Bitgum mei de grûn gelyk makke. Hessel en syn húshâlding ferlitte Bitgum en komme yn Frjentsjer te wenjen, wêr krekt is net bekend. Wol begjint er om 1506 hinne mei de bou fan it Martenahûs. Hy waard grytman fan Menameradiel en fan Frjentsjerteradiel. Hessel syn belangrykste taak wie it ynbarren fan de belestingen foar de hartoch. Dat gie net altyd sûnder geweld en dat makke dat de ynwenners Hessel haatsje. Hy hat de Saksers mei sinten bystien om de hierlegers op 'e tiid betelje te kinnen. Hy is goed op 'e hichte mei alle famyljebannen mar bringt ek offers. Yn 1511 blykt er de rykste Fries te wêzen. As yn 1515 Fryslân ferkocht is oan Keizer Karel V is syn rol útspile en komt der in steedhâlder, Floris van Egmond, en wurdt Hessel ta ridder slein. Yn 1517 giet Hessel op Pylgerreis nei it Hillige Lân, op 'e weromreis is er ferstoarn op Rhodos en dêr ek begroeven. Konklúzje fan de sprekster: - wie Hessel in ferrieder, want hy ferkocht de Fryske Frijheid. Of - wie Hessel in opportunist, want hy pakte de kânsen dy't er yn it libben krije koe. Of - wie Hessel in fisjonêr, om't er goed ynseach dat it sa net langer koe yn Fryslân mei de 'vete' maatskippij dy't net langer mear wurke troch nije útfinings as buskrûd en kanonnen, it ynheljen fan frjemde hierlegers, ensfh.?

Nei it skoft komt histoarikus Henk Popma oan it wurd 'Martenastate. Proeftuin van het paradijs?'. Hy nimt de minsken mei yn it ferhaal oer Doeke Martena fan de Koarnjumer Martena's. Doeke wie admiraal fan Fryslân en hat altyd in politike rol spile yn Fryslân. Hy hie 2 dochters, de iene wie Swobk (ek wol Sophia) dy't troude mei David van Goirle, in finansjeel ekspert yn 'e rûnten fan de Oranje's. Sy krigen in soan David van Goirle jr., dy't bekend wurden is as it wûnder fan geleardens mar spitigernôch hiel jong ferstoarn is. Dizze David is begroeven yn 'e tsjerke fan Koarnjum. De oare dochter fan Doeke, Bauck troude mei Evert Entens fan Grinzer komôf. Harren dochter Catharina Entens waard de mem fan de Burmania's. It wiene altyd grytmannen en bestjoerders en oant 1871 is der altyd goed op Martenastate yn Koarnjum past. Nei in tal trageedzjes yn 'e famylje is Martenastate fertutearze. Yn 1894 nei de dea fan Duco Martena van Burmania Vegelin van Claerbergen waard de Herfoarme Gemeente fan Koarnjum erfgenamt. Tsjintwurdich is it behear ûnderbrocht yn de Stichting Martenastate.

Omfreegjen: der wurdt frege wa't sein hat dat Doeke Martena allinne knibbele foar god, dat is neffens Henk Popma in myte. Fierder wurdt frege oft Hessel ek studearre hat? Neffens Marjan net. De foarsitter betanket de beide sprekkers foar de nijsgjirrige ferhalen.

Gosse van der Plaats seit dat der 19 oktober in lêzing fan de NGV is yn it HCL oer 'Het Amsterdamse notariële archief' en op 2 novimber is de folgjende gearkomste fan it Wurkferbân mei as titel 'Stambeam yn sulver' troch de hearen Han Nijdam en Richard de Boer. Van der Plaats slút dêrnei de gearkomste.

- Foar folle mear oer de Martena's en Martenastate ferwiis ik graach nei it boek "Martenastate. Proeftuin van het paradijs?" (2018) (mei û.o. bydragen fan Henk Popma en Marjan Brouwer).
- Sjoch ek it artikel fan Gerben Wierda 'Een trilogie: Van Goorle, Martena en Harinxma' yn It Beaken 2014, s. 170-196. Nûmer 2/3 fan It Beaken 2014 giet hielendal oer David Gorlaeus.

Lysbert Bonnema